

Freed première fan „Grouster Weagen

Tæk fan koar is lang net licht

FREEDTOJOUN giet yn e Ljouwerter „Harmonie” de première fan „Grouster Weagen” in deklamatorium oer it libben fan dr Eeltsje Halbertsma, dat skreaun is troch dr. Y Poortinga en op muzyk set troch Alfred Salten. It Grouster Mingd Koar it Frysk Orkest en deklamator Rom Kalma sille oan 'e útfiering. In ûnderdiel fan it Greatfrysk kongres, harren meiwurking ien. Fansels is soks earder sein as dien. In heikerwei, sei koar-foarsitter D. Atema, in dreech stik dat op n'akken tize tear leit en it oerste freget fan ús leden. Net dat wy dat slim fine. It

koar song al yn 't Hongaersk en yn 't Russysk, foar ministers en foar gesanten. It wit hoe't it moat en is sadwaende fol fjûr oan 'e stúdzje slagge. Dat wie yn febrewaris. Nou tweintich wiken letter baernt it fjûr noch as reid. It sil

goed, binammen om't de eare fan Grou, fan Fryslân mei op it spul stiet!

Dr Eeltsje syn libbenstoriael wurdt forteld troch de deklamator, dy't stipe krijt fan it orkest. Altomets ûnderbrekt it koar de sprekker mei it sjongen fan sange as „Rôle”, „It marke”, „De terp”, „Boalserter merke”, „Forjit my net” ensfh. De lieten hâlde fanselsforbân mei de tekst. Foar it koar soe de opjefte in stik lytser west hawwe, as Salten de meldijen net biwurke hie

Hoe yngripend de biwurkingen bytiden lykwols ek binne, de âlde sange fynt men der hyltiten wer yn werom. Fierders hat de komponist in stikmannich lieten fan himsels ynfoege, wylst it koar ek efkes nûnderjend („bouche fermée”) de tæk fan it orkest oernimt. Né maklik is 't net, mar moai is 't wol. De hear Atema leauwt, dat it deklamatorium grif oan't gemoed komme sil. Tekst en muzyk passe folslein by it hwat trayske, mar dochs ek roman-tyske dokter Eeltsje-forhael

Krekt de oertsjûging, dat it goed wurde kin, hat it fjûr baernende hâlden. De mear as sechtich leden kamen alle wiken ûnder lieding fan dirigint Jan Veninga yn 'e formanje gear om 'e koaren (10) yn to studearjen. Under

de bidriuwen troch wiene der dan noch de groepsrepetysjes. De hear Salten hat sels de lêste repetysjes laet en moandetojoun die it orkest, útwreide mei in celesta, ek mei. Oan in deeglike tarissing ûntbrekt it dus net. Sa sjocht it koar, dat, neffens Salten syn sizzen, de dôper is, der't it deklamatorium op driuwt, mei fortrouwen de útfiering fan freed tomjitte. Wy binne de lju, dy't ús holpen, ú.o. it bistjûr fan 'e Minniste tsjerke, it Buro foar Kulturele Saken, de dirigint en net to forjitten de hear Salten, tige tankber, sei de hear Atema. Fjouwer july wurdt it wurk yn 'e Greate Tsjerke fan Grou útfierd. Hwa't sa lang net wachtsje wol: de première yn Ljouwert is noch net útforkocht.